

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2




© Foto: argyf DB Folsgeare

Famylje Kooistra yn de foartún. Namme en 1911 binne by't maitiid yn in blommeperkje te lêzen.

Skeender 2

Op 10 desimber 1910 komt by de gemeente in oanfraach binnen fan Sipke Simons Kooistra foar it bouwen fan 'ene stelphuzinge' op perseel "It Werp" ûnder Folsgeare (Skeender 2). Hjirmei wurdt in tredde Kooistra buorkerij realisearre yn de Folgaasterhem.



Topografyske kaart :
1870 - 1935

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2



foto Wytske Heida



Skeender 2



It Werp



Scheender state

“It Werp” is in perseel dat ûntstien is yn de súdlike slink fan de Middelsee tsjin de Breede dijk oan en betsjut bûtendykslân. It perseel is yn 1850 eigendom fan de Kooistra's wurden mei de keap fan de buorkerij op Suderburen (Easthimmerwei 23).

Sipke Simons Kooistra is troud mei Trijntje van Wijngaarden. Hja wenje op de buorkerij Scheender state en wolle it rêstiger oan dwaan. Hja meitsje plak foar harren soan Sije Simons Kooistra en Antje Gerbrandy út Boazum. Sije en Antje ha besletten om yn maaie 1911 te trouwen. Sipke en Trijntje ferhúze nei de Skeender 2.

Sipke Simons Kooistra



foto: argyf DB Folsgeare

Sije en Antje wurde de nije generaasje Kooistra's op Scheender State. Sije wie net de bedoelde opfolger, maar syn âldere broer Simon wurdt dûmny en dat telt swierder as boer wurde.

Yn jannewaris stjoert Sipke Simons in fersyk nei de gemeente foar it bouwen fan in weinhûs efter de buorkerij op de Skeender. Alles wurdt goed kard. Begjin 1911 wurdt begûn mei de bou troch Wytse de Boer, de timmerman út it doarp.

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2

De pleats hat in trochrinnende gong dy't de skieding is tusken it wendiel en de stâl. Oan de linkerkant fan it wendiel is de pronkkeamer, yn'e midden is in sliepkeamer mei in treppen nei boppen ta en rjochts is de wenkeamer. Oan de eastkant is de haadyngong, efter de gong is de keuken mei in doar nei de skuorreed.



foto: Harmen Wiersma

De pleats sjoen fan de tsjerketoer ôf, op de eftergrûn ryskswei 43 en it monumint. De Breede dijk slingeret om de buorkerij hinne nei Tsjalhuzum.

Yn 1924 ferstjert Trijntje van Wijngaarden, 70 jier âld. Sipke Simons wennet dan allinne op de buorkerij op de Skeender oant 1932. Yn dat jier lûke syn dochter Sietske Sipkes en har man Klaas Vellinga by him yn.

De pleats op de Skeender, sjoen fan it hiem fan de pastorijpleats ôf

foto: Harmen Wiersma



Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2

Sipke Simons hat in soad foar Folsgeare dien. Hy wie net allinne tsjerkfâd mar ek foarsitter fan it skoalbestjoer en riedslid fan 'e gemeente Wymbritseradiel. Sipke ferstjert op 83-jierrige leeftyd yn 1933.

Sietske Sipkes en Klaas Vellinga bliuwe op de buorkerij oan de Skeender, oant Klaas yn 1946 op 78-jierrige leeftyd ferstjert. Sietske kriget help yn de húshâlding fan Gatske Koster, letter fan Feikje Kok. Beide froulju wenje by har op de pleats. Beppesizzer Klaas is yn dy jierren ek in grutte stipe foar har.

Sije Sipkes Kooistra, broer fan Sietske en jongste soan fan Sipke Simons is widner wurden na it ferstjerren fan syn frou Antje Gerbrandy. Hy trout op 'e nij mei Beeuwkje Atsma. It pear bliuwt op Scheender state.

Beeuwkje is in suster fan Jan Atsma, dy't yn 1948 op de buorkerij op de Skeender kommen is mei syn frou Jantje Bakker. Sietske Sipkes wennet by harren oant har ferstjerren yn 1950. Yn 1955 ferstjert Sije Sipkes Kooistra op Scheender state. Widdofrou Beeuwkje Atsma wennet dêrnei by har broer Jan en skoansuster Jantje yn op Skeender 2. Hjir sil se bliuwe oant se yn 1971 ferhuzet nei Snits.



Weinhok Skeender 2,
juny 1959

foto: Harmen Wiersma

Yn 1972 beslute Jan en Jantje dat it tiid wurdt om it rêstiger oan te dwaan. Der wurdt boelgoed holden. Yn de L.C. stiet de neikommende advertinsje:

--- BELANGRIJK BOERENBOELGOED STAMBOEKVEE

Door notaris E K HOEKSTRA te Sneek Marktstraat 2 zal op woensdag 26 april des morgens om 9 uur ten verzoeken en ten huize van de heer J W Atsma te Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2

nummer 47 a contant bij boelgoed worden verkocht een prima beslag stamboekvee bestaande uit 23 melk- en kalfkoeien Verder worden verkocht 5 pinken ongeveer 10 koekalveren, 1 paard en boerenreeuw waaronder: 2 stands doorloopstal, een landbouwwagen, Eureka hooi- en mest schudder enz.

Jappie Cnossen en Elizabeth de Jong út Ljouwert komme mei harren bern yn 1972 op de pleats op de Skeender. Jappie is meubelmakker en hat û.o. de nachtmistelstafel yn de tsjerke fan Ysbrechtum makke. Yn 1974 wurdt der foar it earst in poppe berne op de pleats. Hja kriget de namme Aukje Eke.



Jappie Cnossen, dwaande yn syn atelier mei syn grutste leafhawwerij: it skilderjen fan lânskippen.

foto's

Atse Bruin



Jappie hat dit portret yn 1996 fan dochter Aukje makke, it iennige bern dat op de pleats berne is.



foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2

Nei it ferstjerren fan Jappie ferkeapet Elizabeth de pleats oan Bauke Vogelzang út Lytshuzen.

Bauke Vogelzang is berne oan de Jongedyk nûmer 20 ûnder Nijlân. Syn pake Bauke kaam yn 1916 op dizze buorkerij te wenjen, nei't Hessel van der Velde, pake fan Feike en Siep van der Velde, nei in skeel mei de tsjerke, fan de buorkerij moast.

Bauke is troud mei Agatha Teerenstra út Blauhús. Hja buorkje 35 jier yn Nijlân en krije twa bern, Marijke en Sjouke. De bern folgje in goede oplieding en hawwe gjin ynteresse yn de melkerij fan harren âlden. Bauke en Agatha dogge dêrom harren bedriuw fan de hân en ferhúzje nei Lytshuzen. De buorkerij oan de Skeender is in plakje dêr't se graach wenje wolle. Wannear't it pân te keap komt, is de keap gau sletten.

Troch de krisis op'e wenningmerk, duorret it in skoftsje foardat Bauke en Agatha harren pleats yn Lytshuzen ferkocht ha. Underwilens wurdt de bûtenkant fan de pleats op de Skeender yn Folsgeare opknapt.

foto Atse Bruin



Om't de pleats leech stiet, mei de toanielferiening fan Folsgeare dy brûke ta gelegenheid fan it 25-jierrige bestean. Yn de skuorre wurdt in prachtige toanielfoarstelling jûn oer it libben fan in famylje op in buorkerij.

Underwilens is de pleats yn Lytshuzen ferkocht, is de pleats oan de Skeender hielendal ferboud en wenje Bauke en Agatha ta in soad tefredenens op de pleats op Skeender 2.

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2



Yn de ferboude keuken, dy't midden yn it foarhûs realisearre is, komme âlde eleminten werom yn in modern jaske. De nije kleur is blau/griis yn kombinaasje mei antrasyt. Dit is in moai gehiel mei de gieltsjes op de flier.

foto's Studio Evelyne Ontwerp, Snits



foto Wytske Heida

Skeender 2 anno 2023

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Harmen Wiersma, Atse Bruin, Wytske Heida, Studio Evelyne Ontwerp Snits, argyf DB Folsgeare

Kaartsje: Topografyske kaart

Dorpscanon van Folsgeare

Skeender 2

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.